

## No gean de blommen noch dea

1

No gean de blommen noch dea,  
no giet de sinne noch ûnder  
en kin gjin minske sûnder  
wetter en sûnder brea.

*refrein:*

Stil mar, sjoch mar, alles wurdt nij,  
de himel en de ierde.  
Stil mar, sjoch mar, alles wurdt nij,  
de himel en de ierde.

2

No litst noch gauris in trien.  
No fielst dy soms allinne  
en ast net witst wêrhinne,  
nimmen dy't helpt, net ien.

*refrein*

3

No is der faak noch te min  
en sitst om wat ferlegen.  
Mar oftst noch krijst watst fregest,  
gjint dy't it sizze kin.

*refrein*

4

Dêr is gjin tsjusternis mear.  
Dêr is God sels de sinne.  
En alle minsken binne  
fol fan syn gloarje\_en ear.

*refrein*

5

Dêr is gjin rouwe of dea.  
Dêr is gjin sykte of pine.  
Dêr is it libben te finen  
en wy ferlieze\_it nea.

*refrein*

6

Sjong foar de dei fan de Hear.  
Sjong foar syn komst en sis Amen.  
Foar't wy syn stim fernamen  
brocht Hy ús dêr al gear.

*refrein*

*tekst* Michel van der Plas, by Iepenbiering 21 – ‘Nu gaan de bloemen nog dood’

*oersetting* David de Jong  
*meldij* Wim ter Burg